

Lykberjochting en it Frysk

Yn it rapport 'Lykberjochting en it Frysk: Momintopname fan in ûnfolsleine rjochtssteat' wurdt de balâns opmakke fan wat it stribjen fan de provinsje Fryslân nei in oan it Nederlânsk lykberjochtige posysje foar it Frysk oant no ta opsmiten hat.

It boek befettet in wiidweidich oersjoch fan taalbefalings yn de Nederlânske wetjouwing en fan jurisprúdinsje oangeande it brûken fan it Frysk, benammen yn offisjele stikken en situaasjes. Dêrnjonken wurdt in annotearre bibliografy presintearre fan benammen sosjaal-wittenskiplike en juridyske literatuer oer it Frysk. By de kar dêrfan hat it belang fan publikaasjes yn ferbân mei it fraachstik fan it Frysk yn it offisjeel ferkear foarop stien.

Yn in ôfsûnderlik haadstik wurde de haadlinen út de wetjouwing, de jurisprúdinsje en de literatuer gearfette en hielke. Op grûn fan it literatueroersjoch wurde in tal oanbefellingen foar ûndersyk formulearre. Ut it oersjoch fan de wetjouwing en de jurisprúdinsje hawwe de opstellers fan de publikaasje de konklúzje lutsen, dat in nije wet oangeande it Frysk yn it offisjeel ferkear needsaaklik is. Earst dan sil yn dit stik fan saken de Nederlânske rjochtssteat (fierhinne) folslein wêze. Dêrom presintearje hja in foarûntwerp fan in nije Fryske taalwet foar it offisjeel ferkear.

Yn it boek is in wiidweidige Nederlânsktalige gearfetting opnommen, mei de tekst fan it útstelde wetsûntwerp. Dizze publikaasje is in ûnmisbere boarne fan ynformaasje foar elk y't him of har oriïntearret op de osysje fan it Frysk yn bestjoeren maatskippij. Benammen mei it each op ûndersyk en belied. It boek (214 siden) is útjûn troch it Berie foar it Frysk yn 'e mande mei de Fryske Akademy en is ferskynd yn de Akademy-rige Stúdzjes en boarnemateriaal as nûmer 12. De priis is 25 gûne. ●



Broer Lolle syn bril

Wa't Umberto Eco syn boek *De naam van de roos* lêzen, of de dêrop basearre film sjoen hat, kin him sûnder mis noch te binnen bringe hoe't de muontsen yn de biblioteek ferheard opseagen doe't de speurder William fan Baskerville by it bestudearjen fan in boek op in stuit twa rûne gleskes foar 't ljocht helle om dêrtroch nei de letters op it perkamint te sjen. Soks hiene sy noch nea sjoen. Eco, dy't syn ferhaal sa likernôch yn it twadde fearn fan de 14de ieu spylje lit, presintearret sa de bril as in resinte útfining. Dat strykt ek wol mei de wierheid. De Griken en Romeinen hiene al weet fan de optyske wurking fan linzen yn de foarm fan glêzen mei wetter. Mar earst de midsieuske gelearden Robert Grosseteste (1168-1253) en Roger Bacon (1214-1294) slagge it om de brekking fan it ljocht krekt te berednearjen. De lêste seach ek de praktyske tapassing. Yn syn *Opus major* (1267) skriuwt er mei safolle wurden oer it nut fan in lêsstien: nei alle gedachten in soarte fan fergrutglês. Wierskynlik waarden koart dêrnei de earste bolle eachglêzen makke, dy't geskikt wiene om mei te lêzen. Hja wiene oars net fan glês mar fan beryl, in soarte healedelstien: ús wurd bril giet dêrop werom.

It hat lang duorre ear't de glêsmakkers yn steat wiene om in reedlike kwaliteit te leverjen. Pas yn de twadde helte fan de 15de ieu wie it safier. Doe koe der in echte optyske yndustry opkomme, ek as gefolch fan de troch de útfining fan de boekprintkeunst hieltiten grutter wurdende fraach. It is dêrom net frjemd dat wy de 'earste' brildragende Fries pas yn 1499 yn de histoaryske boarnen tsjinkomme. It is broer Lolle fan it kleaster fan de Dútske Oarder yn Nes, by Akkrum.

Yn de rekkens oer dat jier stiet in útjefte notearre fan in **braspenning**, dat is sawat 1,5 stoer, om **bror Lolla bril** (Argyf fan de Ridderlijke Duitse Orde yn Utert, nr. 2270, f. 1v). Oft der foar dat bedrach ek in nije bril oantúgd wurde koe, is de fraach. Nei alle gedachten gong it om in reparaasje oan de glêshâlders. De oantsjutting broer wiist derop dat Lolle in lekebroer wie. Op it earste gesicht liket dat wat nuver. Lekebruorren wiene yn 'e regel oan it wurk op it lân en yn de pleats. Lêze, skriuwe en studearje – koartsein de aktiviteiten dêr't gauris in bril by nedich is – waarden meastal oerlitten oan prysterbruorren. Pysterbruorren hiene de titel fan hear. It kin lykwols hiel wol wêze dat broer Lolle belêzen wie. Foar it byhâlden fan de kleasteradministrasje of om hannel te driuwen moasten hja dochs ek lêze en skriuwe kinne. Trouwens in inkelde kear waard wurk fan heger yntellektueel nivo, lykas it skriuwen fan in kronyk wolris oan in lekebroer oerlitten; tink mar oan Petrus fan Thabor.

J.A. Mol ●